

It Haskerfjild

Postbus 125
8500 AC JOURE

Ljouwert, 5 septimber 2017

Ferstjoerd, - 5 SEP. 2017

Ús merkteken : 01437916
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal
Opsteld troch : / (058) 292 of @fryslan.frl
Jo merkteken : Taalplan Frysk
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : 08KJ00 – Untheffingsbeslút Taalplan Frysk foar profyl A

Achte

Mei dit brief stjoere wy jo ús reaksje op it Taalplan Frysk dat jo yntsjinne hawwe yn it ramt fan de *Beleidsregel ontheffing vak Fries*. Jo oanfraach is op 4 july 2017 by ús ynkommen en ynboekt ûnder nûmer 01433450.

Beoardieling en beslút

Wy hawwe jo Taalplan Frysk beoardiele en binne fan betinken dat it foldocht oan de boppeneamde beliedsregel, opsteld op grûn fan de WPO, kêst 9, lid 4 en de WVO, kêst 11e, lid 1. Ut jo plan docht bliken dat op jo skoalle it Frysk genôch ûnderwiisd wurdt om net in parsjele ûntheffing oan te freegjen. It docht ús tige goed dat te fernimmen.

Wy hoege jo mei yngong fan it skoaljier 2017/2018 dan ek gjin ûntheffing te ferlienen. Binnen de ûntheffingsprofilen diele wy jo skoalle dêrom yn neffens profyl A. Dat profyl hâldt yn dat it ûnderwiis yn it fak Frysk oan alle keardoelen foldocht: taalhâlding, ferstean, praten, lêzen, skriuwen en taalskôging. De keardoelen binne yn it Besluit Vernieuwde Kerndoelen WPO formulearre.

Dit beslút hat ek op de iepenbiere beslútlust fan Deputearre Steaten stien.

Taalplan Frysk

Yn it yntsjinne Taalplan Frysk stiet beskreaun wat it nivo fan it Frysk op jo skoalle is op it momint fan de besite fan de ûnderwiiskundige. Wy ferwachtsje dat jo dat nivo fêsthâlde of ferheegje. De Ynspeksje fan it Underwiis sil dêr op tasjen.

As jo skoalle ûnferwachte op ûnderdielen of yn syn gehiel ôfwykt fan it yntsjinne Taalplan Frysk, dan moatte jo sa gau mooglik kontakt mei ús opnimme.

Rintiid

Mei yngong fan it skoaljier 2017/2018 wurdt it ferliende ûntheffingsprofyl fan krêft foar in perioade fan op syn meast fjouwer jier.

Regeljouwing

De *Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs* (Provinsjaal Blêd, nr. 3671, 26 juny 2015) is op dit beslút fan tapassing.

Hawwe jo noch fragen?

As jo noch fragen hawwe oer dit brief dan kinne jo kontakt opnimme mei [redacted] of [redacted] troch in e-mail te stjoeren nei taalplanfrysk@fryslan.nl.

Mei rju achting,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

[redacted]
[redacted]
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

[redacted]
[redacted]
dr. W.J. van Elsacker, sekretaris
foar dizze drs. A.L. Piet, loko-sekretaris

Yn ôfskrift oan

CBO Meilân
Postbus 125
8501 AC JOURE

Dejinge dy't streekrjocht belang by dit beslút hat, kin dêr binnen seis (6) wike neidat it ferstjoerd is, in beswierskrift tsjin yntsjinje by Deputearre Steaten, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

It beswierskrift moat ûndertekene wurde en der moatte yn alle gefallen yn neamd wurde:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de datum
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op slacht;
- de grûnen fan it beswier.

Mear ynformaasje oer de beswierskriftproseduere stiet op www.fryslan.nl ûnder "contact". Jo kinne ek skilje mei it sekretariaat fan de beswierskriftenkommisje, (till. (058) 292 51 57).

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen